

Beoordelingsmodel

Vraag	Antwoord	Scores
-------	----------	--------

De mearkarfragen hawwe in gewicht fan 1 punt.

Tekst 1 Goed, mar net yn *mýn* achtertún

1 maximumscore 1

“(Yn Grins, om krekt te wêzen) by ús foar de glêzen” (r. 1-2)

2 A

3 maximumscore 2

Untkennend: men moat der krekt wol oer yn sitte, eardere plannen gongen ommers ek net troch.

Opmerking

As der mear as 23 wurden brûkt binne, ien punt ôflûke.

4 C

5 maximumscore 2

Strúkjies dy't bedoeld binne om de skandalige kealslach te kamûflearjen.

Opmerking

As it antwurd inkeld ferwiist nei de oanplant sels: ien punt.

Opmerking

As der mear as 17 wurden brûkt binne, ien punt ôflûke.

6 maximumscore 3

Hy fergeliket har mei “meneer Mooi Lull'n”. De plannen foar Grins binne hiel oars as de teory dy't se earder ferkundige hat.

Opmerking

As der mear as 35 wurden brûkt binne, ien punt ôflûke.

7 C

8 D

Vraag	Antwoord	Scores
9	<p>maximumscore 2</p> <p>In arsjitekt kin wol fan alles wolle, mar dy is allang net mear sels baas.</p> <p><i>Opmerking</i> As der mear as 17 wurden brûkt binne, ien punt ôflûke.</p>	
10	<p>maximumscore 1</p> <p>As foldien is oan alle easken fan demokratisearing (ynspraak & beswier meitsjen) / de wetjouwer.</p> <p><i>Opmerking</i> As der mear as 12 wurden brûkt binne, ien punt ôflûke.</p>	
11	<p>maximumscore 1</p> <p>De arsjitekt / Els van der Laan.</p>	
12	<p>C</p>	Scores
13	<p>B</p>	
14	<p>A</p>	
15	<p>maximumscore 1</p> <p>“Ynspraak en skientme, it einresultaat is faak op syn minst (sa) dubieus (as by it oare uterste).” (r. 171-173)</p> <p><i>Opmerking</i> Ek goed: “Boppedat, nim ... smaken yn.” (r. 86-91)</p>	
16	<p>maximumscore 2</p> <p>Demokrasy – diktatuer / ynspraak – gjin ynspraak.</p> <p><i>Opmerking</i> As der mear as 7 wurden brûkt binne, ien punt ôflûke.</p>	
17	<p>maximumscore 2</p> <p>Ynspraak of net ynspraak, it oardiel oer skientme stiet net fêst.</p> <p><i>Opmerking</i> As der mear as 17 wurden brûkt binne, ien punt ôflûke.</p>	

Vraag	Antwoord	
-------	----------	--

18 **A**

19 **maximumscore 1**

Alinea 4.

20 **maximumscore 1**

Alinea 9.

21 **C**

22 **C**

23 **B**

24 **maximumscore 2**

Ferdivedearje / de lêzer fermeitsje. Hy skriuwt grappich / brûkt kleure taal.

Opmerking

As der mear as 12 wurden brûkt binne, ien punt ôflûke.

Vraag	Antwoord	Scores
-------	----------	--------

Tekst 2 De takomst fan it wittenskiplik boek

maximumscore 18

- Ynhâld 14
- Stavering en styl 4

Yn it skema hjirûnder wurdt oanjûn hoe't de punten foar de ynhâld oer de ferskillende ynfo-eleminten ferdielt binne.

25 maximumscore 1

Titel en skriuwer:

- 'De takomst fan it wittenskiplik boek' troch Goffe Jensma 1

Opmerking

As ien fan beide eleminten ûntbrekt, gjin punt.

26 maximumscore 1

De feroaring:

- Ferfanging wittenskiplike boek troch in digitale fariant. 1

27 maximumscore 1

De feroarsakers:

- Fotokopieerapparaat, kompjûter en ynternet. 1

28 maximumscore 4

De foardielen:

- Hielyd mear skriftlike boarnen binne foar elk tagonklik. 1
- It ûndersyk kin breder ferlykjend en tagelyk djipdoller wêze. 2
- In digitaal publisearre tekst is better te brûken foar folgjend ûndersyk. 1

29 maximumscore 3

De problemen:

- Der wurkje twa systemen fan kennisoerdracht nêstinoar, dêrtroch giet de digitalisearring relatyf stadich. 1
- Net dúdlik is wa't de autoriteit hat oer it publisearre materiaal / wa makket út wat wier is en wat wittenskiplik relevant is. 1
- Wa hat it eigendom dan fan it publisearre materiaal en is ferantwurdlik foar wat. 1

30 maximumscore 2

De konklúzje:

- De beskreaune ûntjouwings hâlde grutte gefolgen yn foar de organisaasje fan it wittenskiplik bedriuw. 2

Vraag	Antwoord	Scores
31	<p>maximumscore 2</p> <ul style="list-style-type: none"> As de ynformaasje-eleminten yn in goede gearhing beskreaun binne. 	2
32	<p>maximumscore 4</p> <ul style="list-style-type: none"> Stavering en styl <p>De kandidaat krijt 4 punten foarôf. Foar elke flater wurdt 0,2 punt ôflutsen. It maksimum tal punten dat ôflutsen wurde kin, is 4. It totaal tal punten foar stavering en styl moat ôfrûne wurde op hiele punten.</p> <p>Net rekkene wurde:</p> <ul style="list-style-type: none"> – flaters op it mêd fan it al of net oaninoar skriuwen fan wurden – ynterpunksjeflaters – werhellingsflaters (deselde flater yn itselde wurd, behalven tiidswurdsfoarmen) – te min / te folle spaasjes yn gefallen as dy't en yn 'e <p>Fierder wurde punten ôflutsen foar it te boppen gear fan it tal wurden: 177-181 wurden=1 pnt, 182-186=2 pnt, 187-191=3 pnt, ensfh. Oftewol: earste 16 wurden 0 punten en dan foar elke 5 wurden mear 1 punt ôflûke.</p> <p><i>Foarbyldgearfetting:</i></p> <p>Gearfetting fan De takomst fan it wittenskiplik boek troch Goffe Jensma</p> <p>Yn de takomst wurdt it wittenskiplike boek ferfongen troch in digitale fariant. Dat wurdt feroarsake troch de opkomst fan it fotokopiearapparaat, de kompjûter en it ynternet.</p> <p>Der binne trije foardielen oan ferbûn. Hieltid mear skriftlike boarnen binne foar elk tagonklik. Foar ûndersyk is it grutte foardiel dat it breder ferlykjend en tagelyk djipdollerder wêze kin. De digitaal publisearre tekst is boppedat op 'e nij digitaal te brûken materiaal foar folgjend ûndersyk.</p> <p>Der besteane op it stuit in pear problemen. Der wurkje twa systemen fan kennisoerdracht nêstinoar. De digitalisearring giet dêrtroch relatyf stadich. Ek moatte noch fragen oer autoriteit en eigendom beäntwurde wurde lykas: wa makket út wat wier is en wat wittenskiplik relevant is en wa't dan it eigendom hat en ferantwurdlik is foar wat?</p> <p>De beskreaune ûntjouwings hâlde grutte gefolgen yn foar de organisaasje fan it wittenskiplik bedriuw.</p> <p>(139 wurden)</p>	4